

It libben is  
ûneinich, histoarje  
is inkel beskreaun

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



## Oud-Bolswarder wint Triathlon

Marathonloper Erik Negerman  
blijkt ook goed te kunnen  
zwemmen en fietsen

pagina 3>



## Autobedrijf TRW naar groter pand

'Ik tink dat ik op dizze lokaasje  
wol sitten bliuw. Grutter hoecht  
om my net mear'

pagina 5>



## Earste priis Rely Junior foar Tjitske

In spesjaal tema hat se net,  
al geane op it stuit in protte  
gedichten oer de leafde

pagina 17>

## Ien happy family op it Greidhoek' Festival



Bob Greidhoek mocht ôfrûne sneon 1600 loksikers ûntfange op it swimbadterrein. Se kamen oer lân (de Terp) of fia de seerûte, dy't begûn by it Tsiispakhûs. Op de boat krigen se fia in koptillefoan in oangripend ferhaal te hearen fan in flechteling. In heftige entree dy't op it festivalterrein oergie yn in see fan wille. Hearlik iten, drinken, muzyk, sprekkers, poëzy en nijsgjirrige workshops lykas Japanske ringen meitsje, haiku's meitsje en zentangle. Mear as 400 bern mochten fan heit en mem wat langer opbliuwe om harren te fermeitsjen by de Coderdojo, by Bobsbisten (fan maïskolven leuke popkes meitsje), by de 'nootopvang' of gewoan lekker te dûnsjen by benammen Jick Munro and the Amazing Laserbeams. De hiele jûn wie der foar eltsenien wol wat te dwaan en op it ein koe der noch noflik dûnse wurde by de DJ's fan Neushoorn. Om healwei twaën wie it dien en koe de organisaasje weromsjen op in tige slagge edysje. Bob nei 23 septimber 2017! Benijd wat der dan allegear wer út de hege hoed tovere wurde sil.

Foto: Hendrik Jellema

## 'Ik heb me echt kapot gezwommen'

Wommels - De golden lady uit Wommels. Liesette Bruinsma komt met vijf medailles terug uit Rio, waar ze deelnam aan de Paralympische Spelen. Ze won twee gouden, een zilveren en twee bronzen medailles. In de media was de afgelopen tijd veel aandacht voor Liesette. Een aantal citaten op een rijtje.

„Als ik een tikje op mijn hoofd krijg, weet ik dat het keerpunt eraan komt", aldus Bruinsma. „Dat gaat niet altijd goed, nee." Ze zegt het met een knipoog, zoals ze ook graag grapjes maakt over haar handicap. „Dan zeg ik tot ziens, dat zie ik wel zitten of lang niet gezien". Die houding moet haar helpen om van haar debuut op de Paralympische Spelen een succes te maken. Bruinsma twijfelt niet: „Dat kan niet, kennen we niet".

NOS, 9 september

Een topprestatie van Liesette Bruinsma in #Rio2016! Derde goud voor #TeamNL op de derde dag van de Paralympische Spelen, gefeliciteerd!

Tweet minister-president Mark Rutte op 10 september

„Er is Liesette eens gevraagd wat ze liever zou willen: een gouden medaille in Rio of weer kunnen zien. 'Die gouden medaille!', zei ze meteen. Zo gefocust is ze, aan haar visuele beperking denkt ze gewoon niet. Dat is nu eenmaal zo."

Vader Germ Bruinsma in Leeuwarder Courant, 12 september

„Ik heb hier van gedroomd. Andere mensen dromen ervan om de Postcode-loterij te winnen, maar dat is niet reëel. Zo'n gevoel heb ik nu ongeveer ook, maar dan tien keer mooier."

Liesette in Friesch Dagblad, 12 september

„Ik had stiekem wel een beetje gehoopt op dit aantal medailles, maar het moet altijd nog maar gebeuren. Je hebt ze pas als je ze alle vijf om je nek hebt hangen."

Liesette, NOS Jeugdjournaal, 16 september

„Het blijft een genot om naar te kijken, de prachtige stijl waarin Bruinsma door het water gaat. Dat ze onderweg niets kan zien, geen lijnen, geen tegenstanders, geen keerpunt, maakt het nog fascinerender. Vier stijlen lang gaat ze sierlijk al een dolfin door het water."

Verslaggever Algemeen Dagblad, 17 september

„Ik heb echt alles gegeven en ben op de vrije slag vol doorgedaan. Ik heb me echt kapot gezwommen"

Liesette, Nu.nl, 17 september

## Keunstgersfjild foldocht SDS 'poer bêst'

Easterein - „Poer bêst", is it koarte en dúdlike antwurd fan trainer Marco Hoekstra fan it earste fan SDS op de fraach as it keunstgersfjild op de Skoalleseize yn Easterein wat foldocht. „We moasten der earst wol wat oan wenne. De jonges hiene wat spierpine en der wurde minder slidings makke. By in sliding ha je de skonken iepen", sa jout Hoekstra oan.

Troch Hinne Bokma

Op woansdeitejûn 5 oktober wurdt it nije keunstgersfjild yn Easterein offisjeel iepene. Dan wurde ek de nije klaairomtes en it opknapte B-fjild feestlik yn gebrûknaam. It earste fan SDS spilet dy jûns in oefenwedstriid tsjin SC Heerenveen 1A. Boargemaster Johanneke Liemburg fan Littenseradiel nimt

de ôftraap fan dizze wedstriid foar har rekken.

Hoekstra is entûsjast oer it nije fjild. Waard der earder traint op it fjild efter de sporthal, no kin der op it wedstriidfjild traint wurde. „Der wurdt traint by de kantine. It is goed foar de beleving", stelt de trainer. Oanfierder Hendrik de Jong fan SDS 1 kin dêr yn meistimme. „As wy traine, is der mear te belibjen op it fjild. Minsken komme earder nei in training fan ús sjen", seit De Jong. It is goed foar it mienskipsgedoele.

In grut foardiel fan it keunstgers is dat der by in perioade fan wiet waar gewoan trochtraint wurde kin. Utwike nei in fjild yn Snits is der fan't winter net mear by. „We kinne op it keunstgersfjild alle oefeningen dwaan dy't wy wolle. Westriidsituasjes binne goed nei te dwaan",

stelt trainer Hoekstra. It fjild freget neffens him wol mear technyske feardichheden. „Dat we der altiten op traine kinne, is in foardiel foar ús as we spylje tsjin teams dy't keunstgers net wend binne", seit de oanfierder De Jong. „We spylje oars en de bal stuitet oars", sa stelt er.



**HULDIGING**  
Liesette Bruinsma  
Paralympisch kampioen!

freed 23 septimber  
fanôf 19.00 oere

## 'Terp moat freed foar Liesette fol mei minsken'

Wommels - "De terp moat fol mei minsken. Dat hat Liesette fertsjinnene." Hendrik Jellema, ien fan de organisatoren fan de huldiging fan Paralympisch swimmer Liesette Bruinsma, wol dat hiel Wommels freedtejûn 23 septimber nei de Terp komt.

Liesette Bruinsma swom tidens de Paralympische Spelen yn Rio de Janeiro fiif medaljes by inoar. Se komt thús mei twa gouden, ien sulveren en twa brúnzen medaljes. Foar har stiet dizze wike yn it teken fan de huldigingen. Tiisdei waard de folsleine Olympyske ploeg huldige yn Utert, woansdei waarden de medaljewinners ûntfongen troch premier Mark Rutte en kening Willem-Alexander.

Foar freedtejûn om 19.00 oere stiet de huldiging yn it eigen doarp op it programma. It is it doel dat Liesette troch ferskate minsken tasprutsen wurdt. Sa komt ûnder oaren boargemaster Johanneke Liemburg oan it wurd en sille fertsjintwurdigers fan it swimbad De Klomp en de swimklub út It Hearrenfean in taspraakje hâlde. Op de Terp komt de praatpeal fan de Afûk te stean. Minsken kinne dêr in boadsklip foar Liesette op ynsprekke.

**KAMSTRA**  
STEENHANDEL  
BESTRATING EN GRIND

Monsamabuorren 1  
Hinnaard

t. 0515 333 432

kamstrasteenhandel.nl

uw voeten in goede handen

**Clara**

Medisch- en oncologisch  
voetzorgverlener

Breed gespecialiseerd in behandeling:  
diabetes, reuma, oncologie en overige risicovoeten.

Tjessingawei 8 Hilaard  
Mob: 06-55 56 44 08  
Tel: 058-251 93 78

www.pedicurepraktykclara.nl